



Rijksoverheid

Faksinearje tsjin koroana



**dyn eigen kar, dus lit dy
goed ynformearje**

Hast mear fragen?

coronavaccinatie.nl

Yn 2021 kriget elkenien fan 18 jier en âlder yn Nederlân in útnûging om him faksinearje te litten tsjin it koroanafirus. In faksinaasje beskermet dysels, mar úteinlik ek dyn famylje, freonen, en de kwetsbere minsken om dy hinne. As it grutste part fan de minsken ymmún tsjin koroana is, binne der minder koroanamaatregelen nedich.

Dizze ynformaasje oer it faksin tsjin koroana is fan grut belang foar elkenien dy 't meikoarten mei faksinearjen te krijen hawwe sil.

- Wurking
- Feilichheid
- Untwikkeling
- Bywurkingen
- Soarten
- Belangryk om dy faksinearje te litten
- Folchoarder
- Utnûging
- Koroanamaatregelen



Wurking

Dyn lichem makket antystoffen oan

De koroanafaksins fan BioNTech/Pfizer en Moderna binne it earst op de Europeeske merk talitten. Dy faksins befetsje mRNA, dat soarget foar it oanmeitsjen fan in aaiwyt dat op in part fan it koroanafirus liket. Dyn ôfwarsysteem werkt dat aaiwyt en makket dêrnei antystoffen tsjin koroana. Komst yn oanrekking mei it koroanafirus? Dan wurdst troch dy antystoffen beskerme. Sa is de kâns lyts datsto siik wurdst fan it firus.

It mRNA út it faksin wurdt troch dyn lichem op natuerlike wize ôfbrutsen. mRNA-faksins kinne net by dyn DNA komme. Dy kinne dus noait wat feroarje oan 'e genen.

De faksins fan BioNTech/Pfizer en Moderna hawwe beide in wurksumheid fan sa'n 95%. Dat betsjut dat ûnder de minsken dy't faksinearre binne 95% minder koroana foarkomt as ûnder minsken dy't it faksin net hân hawwe. Net elkenien reagearret itselde op in faksin. Guon minsken wurde dochs siik, ek al binne se faksinearre. Yn dat gefal wurdst wol minder slim siik. Ek by minsken yn risikogroepen wurkje de faksins goed.

Der wurde noch mear faksins fan oare fabrikanten talitten ta de Europeeske merk. Wolsto hjir mear oer witte, sjoch dan op www.coronavaccinatie.nl.

Hasto al koroana hân? Dan is it dochs goed om de faksinaasje te heljen. Der bliuwt in kâns datsto op 'e nij besmet rekkest.



Feilichheid

Feilichheid fan faksins stiet boppe-oan

Elk goedkard faksin is earst op tsientûzenen minsken testen. Foar de koroanafaksins jilde deselde strange easken as foar alle oare faksins. Fabrikanten fan koroanafaksins moatte deselde stappen trochrinne om in faksin te meitsjen en goedkard te krijen. Wy witte dus dat it faksin feilich is en dat it ús foarearst goed beskermet tsjin it firus. Hoelang't it faksin ús beskermet, moat noch fierder ûndersocht wurde. Krekt as by oare faksins en medisinen binne der altyd risiko's fan bywurkingen. Mar ernstige bywurkingen nei in faksinaasje komme seldom foar.

It Europees Medicijn Agentschap (EMA) en it College ter Beoordeling van Geneesmiddelen (CBG) beoardielje alle faksins. Sy ûndersykje:

- oft de koroanafaksins feilich binne;
- oft de koroanafaksins goed wurkje;
- de kwaliteit fan in faksin.

Advys Gezondheidsraad

De Gezondheidsraad sjocht ek noch in kear goed oft it faksin oan alle easken foldocht en geskikt is foar de oanbelangjende doelgroepen.



Untwikkeling

Flugge ûntwikkeling faksins giet net te'n koste fan feilichheid

De ûntwikkeling fan koroanafaksins giet flugger as gewoanwei. Mar de strange feilichheidseasken bliuwe jildich. Hoe't it kin dat dit faksin hurder ûntwikkele wurdt, hat te krijen mei in tal punten:

- Wrâldwiid sette in ôfgrypslik soad ûndersikers har mei-inoar yn om feilige koroanafaksins te ûntwikkeljen.
- Ek fiere de wittenskippers ûnderskate fazen fan it ûndersyk tagelyk út yn stee fan nei inoar. Dat skeelt tiid.
- En de beoardieling fan de koroanafaksins giet ek flugger: de beoardielaars sjogge al mei by de tuskentiidske resultaten fan de ûndersiken.

De ûntwikkeling fan it koroanafaksin trochrint dus deselde stappen as elk oar faksin, allinne flugger.



Bywurkingen

Kâns op koartduorjende bywurkingen

Nei elke faksinaasje hast kâns op bywurkingen. Ek by it koroanafaksin. Dat komt omdat it faksin derfoar soarget dat de ôfwar fan it lichem begjint te wurkjen. Dy ôfwar jout beskerming tsjin it koroanafirus, mar kin ek oare ferskynsels feroarsaakje. De measte bywurkingen binne nei ien oant trije dagen wer fuort, krekt as by de grypprik. De meast foarkommende klachten:

- pine op it plak fan de prik
- pineholle
- wurgens
- spierpine
- koarts

As de pine of koarts dochs fûl is, kinst dêrfoar in parasetamol ynnimme.

Lytse kâns op earnstige bywurkingen

Hiel soms krije minsken nei faksinaasjes earnstige bywurkingen dy't net earder foarkamen. Bywurkingen op lange termyn komme komselden foar, omdat it lichem yn in pear wike it faksin ôfbrekt. It faksin ferlit it lichem op natuerlike wize.

Hast it faksin hân en krigest klachten dy't net falle ûnder lichte of koartduorjende bywurkingen? Meld dat dan op www.mijnbijwerkingen.nl




Soarten

Ferskate faksins geskikt

Fan begjin 2021 ôf binne der koroanafaksins fan ferskillende fabrikanten beskikber. Der wurdt goed sjoen wa't wat faksin krijt. Dat hinget ûnder mear ôf fan wat faksin geskikt is foar wat doelgroep. Guon faksins wurkje bygelyks tige goed by âlderen en risikogroepen. Faksins wurde safolle mooglik ynsetten foar de groepen dêr't se it meast geskikt foar binne.

In registraasjesysteem leit fêst hokker faksin oftst krigen hast. Dat om dy de twadde kear itselde faksin jaan te kinnen. Registraasje is belangryk om minsken útnûgje te kinnen foar har twadde doasis faksin, mar ek om ynsjoch te krijen yn hoefolle minsken oft der al faksinearre binne en oft it faksin effektyf en feilich is.



Belangryk om dy faksinearje te litten

Faksinearjen makket fersprieding fan it firus dreger

In faksinaasje beskermet yn it foarste plak dysels, mar úteinlik ek dyn famylje, freonen en kwetsbere minsken. Wat mear minsken har ynintsje litte, wat dreger it is foar it firus om him te fersprieden. Dan kin de oerheid de koroanamaatregelen stap foar stap ôfbouwe en krije wy hieltyd mear ús frijheid werom.

Guon minsken wolle har net faksinearje litte fanwegen har libbensoertsjûging of omdat sy har soargen meitsje oer de bywurkingen.

Hast fragen dy't spesifyk op dyn situaasje fan tapassing binne? Bepraat dat dan mei (dyn) dokter.



Folchoarder

Gezondheidsraad advisearret wa't as earste faksinearre wurdt

Net elkenien kin tagelyk in faksinaasje krije. Om de kwetsberen yn de maatskippij te beskermjen en de soarch te ûntlêsten is mei yngong fan jannewaris 2021 begûn mei de neikommende groepen:

- Soarchmeiwurkers akute soarch sikehuzen (soarchmeiwurkers IC en klinyk, ambulânse, driuwende help dy't yn direkt kontakt steane mei COVID-19 pasjinten).
- Soarchmeiwurkers fan ferpleechtehuzen en lytsskalige wenfoarmen, soarch foar beheinden, wykferpleging en Wmo-stipe.
- Ferpleechhûsbewenners en minsken mei in ferstanlike beheining yn in ynstelling.

It ferfolch fan de planning fan ynintsjen is ôfhinklik fan ûnder oaren goedkar, wurking en leverjen fan faksins. Sjocht foar de aktuele planning op www.coronavaccinatie.nl



Utnûging

Ast oan 'e beurt bist krigest in útnûging

Is de groep dêr'tsto ta hearst oan 'e beurt foar in faksinaasje, dan krijst in útnûging. Dy krigest mei de post of e-mail. Dêr stiet ek yn watsto meinimme moastst (ûnder oaren dyn ID) en wêr oftst telâne kinst, bygelyks by in GGD-lokaasje, dyn eigen dokter of in dokter yn in ferpleechhûs.

Faksinearje is frijwillich

Do kiest sels oftsto dy faksinearje litst. In faksinaasje is dus net ferplichte. Ynformearje dy goed, sadatst in goede kar meitsje kinst.

Goed om te witten:

- De faksinaasje is fergees.
- Do krigest de prik yn 'e boppe-earm.
- It faksin bestiet út twa prikken: in pear wike nei de earste faksinaasje krigest in twadde prik.
- Meitsje in nije ôfspraak asto
 - siik bist of koarts hast foardatst de faksinaasje krigest,
 - ast klachten hast dy't passe by it koroanafirus,
 - de ôfspraak foar de faksinaasje misrûn bist.
- Freegje de dokter oftsto it faksin hawwe meist ast
 - in minne ôfwar hast, bygelyks troch sykte of troch it gebrûk fan medisinen,
 - bloedfertiners brûkst, of ast in sykte hast dêr't it bloed minder goed troch stjurret,
 - earder in slimme allergyske reaksje hân hast op in yngrediïnt yn in faksin.



Koroanamaatregelen

Hâld dy aloan wer oan de maatregelen

Ek yn de tiid dat minsken faksinearre wurde moatte wy ús noch allegearre oan de koroanamaatregelen hâlde, lykas:

- 1,5 meter ôfstân hâlde;
- mûlkapke drage yn iepenbiere romten;
- drokke plakken mije.

Ek ast sels faksinearre bist is it belangryk datst de maatregelen opfolgest. Want it firus is der noch hieltyd en faksinearjen beskermet net 100%.



En ast, ek nei 't faksinearjen, klachten krigest dy't passe by COVID-19, lit dy dan teste. De kâns datst COVID-19 krigest is wol tige lyts, mar kinst noch altyd besmet reitsje.

28 jannewaris 2021

Hast mear fragen? Sjoch dan op

www.coronavaccinatie.nl

of belje mei 0800 - 1351.